



★ It haventsje fan Nijeskou is der noch oan de Akkrumer kant fan it Deel, mar de pont fart net mear foar reizigers. Oan de oare kant: de pleats fan Piter van Keimpema. *11 April 1993* Foto LC/Wietze Landman

Nijeskou nei goed 250 jier út feart

Troch Kerst Huisman

IN INKELDE KEAR fart Piter van Keimpema noch wolris mei de pont oer it Deel. Dy pont is syn eigendom en hat, salang as er bestien hat, ek altyd by de pleats heard. Doe't de bern noch yn Akkrum nei skoalle gyngen, waarden hja alle dagen troch heit oerset. Mar dêrnei is it hurd minder wurden. As Van Keimpema en syn frou nei Akkrum wolle, stappe se like leafst yn de auto en ride even om oer Terherne. Nee, der giet amper mear immen oer it Deel by de Nijeskou.

Dat hat wol oars west. Yn 1723 waard der yn it lege fjild oan wjerskanten fan it Deel in strjitwei oanlein fan de Jouwer nei Akkrum. De foarstap dêrta

waard nommen troch de femyljes Vegilin van Claerbergen en Andringa. It stik oan de Jouster kant krige dêrom de namme Vegilinswei of Vegilinsdyk. Oan de Akkrumer kant hjit de wei gewoan Nijedyk.

FERBINING FERBRUTSEN

Der kaam oer it Deel gjin brêge, mar der waard in oerhaal yn lein. Earst waard it oerheljen fan reizigers dien mei in skou, mar letter kaam der in pont. Der kaam hjir doe ek in boerepleats te stean en de 'skouboer' moast de lju oer it Deel sette. It plakje hjir krige de namme Nijeskou omdat der oan de oare kant fan Akkrum al in Aldeskou lei.

By Twahûs, dat in kilometer yn de rjochting fan Haskerdiiken oan it Deel leit, hat yn it begjin fan dizze ieu ek in oerhaal west. Mei de pont fan Nijeskou koenen hynders en weinen en letter ek auto's oer, mar de oerhaal fan Twahûs wie allinnich ornearre foar fuotgongers en fytsers. Dizze oerhaal tsjinne mooglik foar it oersetten fan turfmakers.

De Van Keimpema's, dy't al inkelde generaasjes lang op de skoupleats sitte, hienen yn 1957 harren nocht fan it ekstra wurk mei de pont. De gemeenten Utingeradiel en Haskerlân fûnen in oplossing. De boat bleau fan Van Keimpema, mar de gemeenten soargen foar in pontbaas en ek foar in wenwein foar de man.

Sa kamen Jaap en Titus Slof by de pleats te wenjen. Jaap ferstoar rillegau, mar Titus hat de pont noch sa'n tsien jier betsjinne. Nei Titus Slof hat Knilles Hofstra fan Tersoal in skoftlang pontbaas west. Nei Hofstra syn ferstjerren is der gjin opfolger mear kommen. Van Keimpema brûkte de pont dêrnei noch wol faak, omdat de bern yn Akkrum nei skoalle gyngen en hy lân oan de oare kante fan it Deel hat. Mar it regelmjittich brûken fan de pont, dêr wie it nei 1980 wol mei ôfrûn. Doe is it Deel nammentlik flink útdjippe en ferbrede.

